

Hekselokkerslietsje

skreaun foar de Oerstek-musical fan 2001

ik bin sa ûnsjoch, ja, sa lilik as de nacht	C	Am	
fol wratten en dan fan dy fize	F	G7	
ik soe wolris wolle dat ien tsj9in my sei	C	Am	
'bist moaier as de Mona Lisa'	F	G7	C

kearsang:

kom by my, kom by my	C	Am	
wat binne jim prachtich, sa moai en sa frij	F	G7	
kom by my, kom by my	C	Am	
ik hoopje dat'k wat fan jim moaiichheid krij	F	G7	C

wat binne se moai, sokke eagen, sok hier
gjin pûst of in wrat op 'e holle
dy stimmen dy klinke sa helder en blier
wat soe ik graach sa wêze wolle

kearsang:

koe ik se mar lokje fan de nacht nei de dei
en woene se mar by my bliuwe
dan krige ik grif fan har skjintme wat mei
en waard ik sa moai, net te leauwen

kearsang: